

SKRIUWERSWYKEIN 2022

Gearstald mei bydragen fan: Reina Kroadsmā, Ammerins Moss-de Boer, Willem Verf, Jetske Bilker, Doeke Sijens, Jan Ybema en Hedwig Terpstra

Der wie ris... In Skriuwerswykein fan it Skriuwersbûn! Wiesto der net by, dan kin dat dochs noch, want wy nimme dy yn dit ferslach graach mei werom nei 14, 15 en 16 oktober fan it jier 2022. Giest mei? *



Wy skriuwe 14 oktober 2022 en ferskate minsken binne fan oer de hiele wrâld en Fryslân yn 't tsjuster by neare nacht, mei de auto of fleantúch ûnderweis nei Allardseach, Bakkefean. Twa iikhoarntsjes sitte dêr bûten, ferskûle yn in beam mei al eat keale tûken. De sjaal ticht omslein want, brrr, it is winich, heech boppe. Sy sjogge dat binnen de ljochtsjes en in kachel baarne en de minsken harren plak foar de kommende nachten fine. Hannen wurde om it earste kopje tee of kofje slein en der wurdt oan koekje knabbele. 'Ek wol wat,' seit it iene iikhoarntsje. 'Wy ha gjin koekje.' Lökkich ha wy lekkere nûtsjes sammele,' seit it oare iikhoarntsje. 'Kom, wy sykje in plakje út 'e wyn jouwe ús noflik del.' En dat dogge se. Mei de poatsjes om in nût slein en nijsgjirrich nei wat der kommen giet.

Freed 14 oktober

Op de freedtejûn waard in primeur presintearre: de oersetting út it Ingelsk wei nei it Frysk fan in misdiedroman dy't ek noch net oersetten is yn it Nederlânsk. *The Last Crossing* fan de Noard-Ierske skriuwer **Brian McGilloway** hie **Ammerins Moss-de Boer** daliks yn de besnijing doe't se it boek yn de simmer fan 2021 lies, en ek foarsitter Willem hie gau troch dat in oersetting in moaie kombinaasje wêze soe mei it wykein. Soe de skriuwer dan ek komme wolle? It antwurd wie JA!

Spitigernôch hie it fleantúch nochal wat fertraging, dus it petear gie wat letter fan start as hope. Brian en Ammerins waarden daliks foar de groep setten en nei in yntroduksje en wat begjinfragen, koe it petear úteinsette; yn it Ingelsk fansels! Dat gie oer it gehiel bêst – sa no en dan wie der in wurd dat even oerset wurde moast troch Ammerins en it Noard-Iersk wie fansels ek wol wat eksoatysker dan it Ingelsk dat wy gewoan binne te hearren op de BBC! Brian fertelde oer syn beweechreden om it boek te skriuwen en oer de ôfwikende styl dy't er brûke koe. Syn oare misdiedromans binne bot bûn oan de formule dy't derby heart (in moard en de syktocht nei de moardner troch in resjersjeur mei drank/relaasje/wurkproblemen), mar dit boek is skreaun mei de 'oplossing' al op de earste side.

It boek giet oer trije minsken dy't tritich jier lyn meiholpen hawwe in man te fermoardzjen en te bedobjen en it idee kaam fan in nijsberjocht dat Brian sjoen hie op tillefyzje: yn Frankryk waard it lichem werom fûn fan in man dy't dêr ûnder de Troubles ferdwûn wie (dat wurd, de Troubles, lykas IRA, wurdt hielendal net brûkt yn it boek). It boek spring hieltyd hinne en wer tusken it doe en it no: de trije moatte it lichem wer fine, sadat it werom jûn wurde kin oan de famylje. It ferline en it no binne as pearls yn in ketting mei inoar ferbûn troch hieltyd de lêste sin fan in haadstik werom komme te litten yn de earste sin fan it folgjende haadstik.

Brian en Ammerins koenen beide in soad fertelle oer harren ûnderfining mei de Troubles, de ynlânske oarloch tusken de Protestanten en de Katoliken. Brian is der fansels opgroeid en Ammerins hat dêr in dik jier sitten tidens har stúdzje oan Queen's University Belfast, krekt foardat it Goed Freed Akkoard tekene waard (*Good Friday Agreement*). Wylst sy dêr wie, wurke se as frijwilliger by in *cross-community* krante, en fytste sy op har optearfytse fan Protestante nei Katolike wyk om ynterviews ôf te nimmen – dêr't dan wolris yn in oare keamer wat 'fage figueren' sieten mei te lústerjen nei wat der besprutsen waard. De *paramilitaries* wienen noait fier fuort... Mar yn har naïvens hie se dat doe net sa bot yn de gaten, en bang is se nea echt west. De toanielprojekten dêr't minsken fan beide kanten fan de Muorre (ja, dêr stie(t) der ek ien!) oan mei dienen, om it ferline te ferwurkjen, hawwe in soad yndruk op har makke.

Ek foar de soan fan Brian, dy mei wie, wie it nijsgjirrich om syn heit te hearren oer syn wurk! Brian is alwer drok dwaande mei in nij boek, dat wierskynlik mear de foarm fan in brieveroman krije sil, mar fansels wol wer mei in misdie as sintraal tema. Hy hat syn wurk as dosint oan in middelbere skoalle in pear jier op side skood en sil him de kommende jierren talizze op it beheljen fan syn PhD en fansels it skriuwen fan in nij boek.

Ammerins krige syn lêst boek, *The Empty Room*, kado, en se kin no alfêst sizze dat it ek wer in boek is datst dreech oan kant leist.

De Fryske oersetting, *The lêste oerstek*, is fansels yn de bettere boekchannels te krijen, of streekrjocht by Utjouwerij [Elikser](#).



Skriuwer Brian McGilloway mei útjouwer Jitske Kingma fan Elikser

Sneon 15 oktober

De takomst fan de Fryske skriuwerij

Esther Rodenhuis, provinsje-amtner foar literatuer fertelt dat it literatuerbelied falt ûnder de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. Dêr heart de Subsydzjeregeling kultuer en mienskip by, en dêr falle de subsydzjemoglikheden ûnder foar it skriuwen, oersetten, útjaan en promoatsjen fan literatuer yn it Frysk of de Fryske streektalen. Jierliks is der yn totaal €235.575 beskikber ferdield oer de kategoryen skriuwe, oersetten, útjaan en promoasje. De regeling wurdt goed op skreaun, want it jild fan dit jier is sa goed as op. Lykwols, Deputearre Steaten hawwe in besuniging op it taal- en kultuerbudzjet oankundige fan 2025 ôf, mar hoe't dy krekt útpakke sil foar dizze subsydzjeregeling, is noch ûnwis.

Tresoar bewarret alles oangeande de Fryske literatuer, mei as basis de kolleksje fan it FLMD (stifting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum), besteande út argiven fan tydskriften, útjouwers en skriuwers, fertelt **Meindert Reitsma, literatuermeiwurker by Tresoar**, fierder. Sa binne der útstallingen yn Tresoar en it poadium foar Fryske kultuer op it Aldehoustersjerkhôf. Tresoar skewielet fierder ûndersikers yn har literêre ûndersyk, beheart de webside *Sirkwy*, hâldt dokumintêre ynformaasje by en hat kontakt mei dosinten oer Frysk lêzen op skoalle. Der wurde ferskate skriuwerskursussen organisearre, sa as bygelyks berneproaza en libbensferhalen.

Foar de takomst wurdt der neitocht oer in nije permaninte útstalling yn Tresoar om de Fryske literatuerskiednis op in nije manier sjen te litten, alle bestannen fan Operaesje Fers wurde opnij digitalisearre yn de heechste kwaliteit en meikoarten wer beskikber steld en it Festival Herberch Frisia, in taalkeunstfestival foar streektalen en lytse talen, stiet plend foar 23 septimber yn Waadhoeke en Súdwest-Fryslân wêr oft Tresoar it ûnderdiel edukaasje fersoarget. Yn 2023 wurdt de Gysbert Japicx-priis takend foar proaza. Der is in nije prosedure: der komt in advyskommisje besteande út immen fan Tresoar, fan de Fryske Akademy en in tredde lid dêr't elk him/har foar oanmelde kin by de provinsje.

Ernst Bruinsma, projektlieder Boeken fan Fryslân leit út dat 'Boeken fan Fryslân' earder in stifting fan alle útjouwers wie, mar dat it opheft is nei't de provinsje sa'n fiif jier lyn de Afûk frege om de literatuerbefoarderjende taken oer te nimmen fan Tresoar. Der is jierliks omtrint 185.000 euro budzjet beskikber en dêrmei wurdt ûnder oare alternative ferkeap, BoekMoardBoek yn kafee Het Graauwe Paard yn Marsum, de oersetting fan it Nederlânske boekewikegeskink en de begelieding Dichter fan Fryslân dien. Ek berneboeke-ambassadeur (no noch Lida Dykstra, anst Tialda Hoogeveen) falt ûnder de stifting.

Nijsgjirrich nij inisjatyf: in proefprojekt by boekhannel Van der Velde yn Drachten mei in wiidweidige útstalling fan Fryske boeken. De Afûk betellet foar de romte yn 'e winkel en presintearret de boeken dêr. Van der Velde ferkeapet de boeken en elke moanne wurdt mei de Afûk ôfrekkene. It kostet likernôch de winstmarzje, mar it wurket wol: sûnt desimber binne yn dizze winkel sa'n 700 Fryske boeken ferkocht, in geweldige stiging. Plan is om dit ek by oare Van der Velde-winkels te dwaan.

[Klik hjir foar it hiele ferslach](#) (dêryn is ek wichtige praktyske ynformaasje foar skriuwers te finen)

Kuiertocht troch Bosk en Iepen Fjild

Mei in kundige frijwilliger fan It Fryske Gea makken we in moaie kuier troch it gebiet dêr't de spoaren fan de eardere tiden noch sichtber wienen: de paden troch it fjild dêr't eartiids gebrûk fan makke waard. We krigen in ynsjoch yn hoe't de minsken en de bisten op de fegetaasje ynwurke hawwe en der ûnstie hast in diskusje oer it wol of net talitten fan de wolf doe't we yn in skieppestâl skoft hâlden.



Op kuier mei It Fryske Gea

Frykstalich berneboek

Lida Dykstra, berneboeke-ambassadeur (BBA) fertelt oer wat se as Berneboeke-ambassadeur de ôfrûne trije jier dien hat op skoallen. Doe't Lida hearde dat se Berneboeke-ambassadeur wurde koe, hat se in oanrinperioade frege, want se woe de funksje goed yn 'e merk sette. Se hat tusken septimber en desimber 2019 in plan makke foar in hússtyl, in webside, in Instagram-akkount en in Lêskoffer. De hússtyl fan de Berneboeke-ambassadeur is ûntwikkele troch yllustratrise Natascha Stenvert. Lida hat as Berneboeke-ambassadeur ek in amtskeatling, dy't se skielk oerjaan kin oan de folgjende Berneboeke-ambassadeur. Tialda Hoogeveen. Fia de (ienfâldige) webside kin de Berneboeke-ambassadeur útnûge wurde.

Der binne hûnderten Fryske berneboeken. Yn 2000 is in ûndersyk dien nei karstress troch Iyengar en Lepper fan de Universiteit Columbia en Stanford. Dêr kaam út dat it better is om minder karút te hawwen om ta in kar komme te kinnen. Dat woe Lida mei boeken ek dwaan. Se socht tsien Fryske berneboeken út foar ferskate leeftiden foar yn de Lêskoffer, dêr't se as Berneboeke-ambassadeur op fokust.

Lida hat as Berneboeke-ambassadeur in soad nei basisskoallen ta west. Se ûntduts dat mei Fryske gemeenten ek in moaie gearwurking te finen wie. Fierder hat se lêzingen en wurkateliers jûn, by eveneminten west lykas foarlêskampioenskippen en stúdzjedagen. In protte fan har tiid is opgien oan it meitsjen fan lesbrieven. Se jout oan dat it geheim fan entûsjasme oer it boek generearje is dat minsken mear kennis en eftergrûnynformaasje oer it boek krije. Dat koe se yn de lesbrieven útdrukke.

As Lida op skoallen oer boeken fertelt, dan brûkt se de metoade fan Aidan Chambers. Hy is in Ingelske jeugdboekeskriuwer, foaral foar âldere bern. Hy hat *Vertel eens* en *De leesomgeving* skreaun, bondele yn *Leespraat* (Biblion, 2012). Yn dizze metoade wurde bern en learkrêften loswekke fan de fraach wêr't it boek oer giet. De *Vertel eens*-basisfragen binne: Wat fynst moai/goed oan it

boek, wat fynst net sa moai/goed oan it boek, wat fynst dreech of ûndúdlik en wiene der patroanen/ferbannen? Lida hat yn in lesbrief fan har eigen boek *It spûkskip* in list fan Fryske fragen yn trije kategoryen yn it ramt fan dizze metoade opnommen. Dy lesbrief is del te heljen en út te printsjen.

Lida hat de resultaten fan de Berneboeke-ambassadeur oant no ta op in rychje set. Oan 'e ein fan dit jier hat se, as alles goed giet, by 145 skoallen op besite west, yn gemiddeld trije groepen. 435 groepen hat se sjoen. Fia har as Berneboeke-ambassadeur binne der 164 Lêskoffers nei skoallen ta gien. Fia de webside fan de Afûk binne der nochris 25 ferkocht. De som komt út op 189 Lêskoffers mei dêryn 1890 berneboeken. De gemeente Opsterlân hat in enkête meirinne litten op skoalle en dêr wie de wurdearring foar de Berneboeke-ambassadeur yn trochsneed in 8,8. Se kin it sukses ek mjitte oan de publisiteit dy't oan it projekt jûn is en de mails fan de learkrêften en de reaksjes fan bern dy't se kriget.

Tjitske van Dijk, projektmeiwurker primêr ûnderwiis en skoalstiper Taalplan Frysk by de Afûk jout oan dat se by de Afûk ûnder oare meiwurket oan de metoade *Spoar 8* en leuke lêsbefoarderingsprojekten. Se fertelt oer wat de Afûk docht om bern entûsjast te meitsjen foar it lêzen yn 'e Fryske taal, lykas de promoasje fan it Fryske berneboek by learkrêften en âlden. De Afûk wol graach it lêzen op 'e aginda krije fan bern, mar ek breder, en hat dêrby baat fan it Taalplan Frysk 2030 fan de provinsje. De ûnderwiisynspeksje hat sein dat it Frysk yn Fryslân in ferplichte fak is op 'e skoallen en de provinsje hat in plan makke foar de ynspeksje om dat te hifkjen. It Taalplan 2030 is in gearwurkingsplan tusken ferskate organisaasjes foar it Frysk. Ien fan de taken is dat by alle skoallen yn Fryslân, dus basisskoallen en fuortset ûnderwiis, ien persoan skoalstiper fan it Frysk is. Tjitske is sels ek oan it wurk as skoalstiper, no op fyftjin skoallen. Der moat op de skoallen oanbod wêze yn it Frysk foar de learlingen sadat se it prate, lêze en skriuwe leare kinne. De skoalstipers geane nei de skoallen ta om te freegjen hoe't sy de skoallen helpe kinne om it doel út it Taalplan te berikken, wêr't se no binne en wat de stappen binne om fierder te kommen. De provinsje wol de skoallen stypje mei subysdzjes om de doelen helje te kinnen. De Afûk leveret op oanfraach boekekisten oan skoallen foar in doelgroep. De skoallen kinne dan bepale hokker boeken se hâlde wolle. Ien kear yn 'e moanne hat de Afûk in side yn de deiblêden, dêr't ek boeketips yn steane. De sosjale media is in hieltyd grutter part fan de promoasjeaktiviteiten fan de Afûk. De Afûk hat in Instagramakkount en tydskrift Heit & Mem hat 11.000 folgers op Facebook. Dêr wurde bygelyks boeketips en tips oer meartaligens op pleatst. Yn 'e winkel fan de Afûk wurde foarlêsmoarnen holden. Dy wurde oankundige fia de sosjale media en dêr komme altyd in soad bern op ôf. En de Afûk docht mei oan de *Lês mar foar!*-wiken yn septimber. Der wurde bygelyks foarstellingen jûn mei Tomke yn biblioteken. Bern kinne boeken fan Tomke en Keimpe fergees ophelje.

Yn 2018 hat in ûndersyk west nei de bekendheid fan Tomke en dêr kaam út dat 98% fan de minsken dy't meidien hat, Tomke ken en wit wêr't er foar stiet. Ut dat ûndersyk kaam ek de fraach wat der nei Tomke komt. Doe is de Afûk begûn mei it ûntwikkeljen fan Keimpe de Krokodil. Dy kaam earst yn de sykplaten fan *Spoar 8*, de Fryske metoade foar it basisûnderwiis. Der is no in programma foar Keimpe de Krokodil betocht. Hy stiet net allinnich foar in leuk spultsje, mar ek foar wurdskatûntwikkeling, lêsuûntwikkeling en lêspromoasje foar de wat âldere doelgroep. Aad Cornelisse is de tekener fan Keimpe. Der is in boek útkommen mei tweintich sykplaten fan Keimpe: *Wêr is Keimpe?* Keimpe komt ek foar yn de lêslíne fan de metoade *Spoar 8*. Sûnt oktober komt alle moannen de lêstip fan Keimpe online. Alle moannen komt in boek sintraal op de webside en sosjale media fan Heit & Mem. Dat kin in orizjineel Frysk boek wêze, mar ek in oersetting. Keimpe leit mei in fergees boekje en lesbrief neist it *Tomkeboekje* yn de *Lês mar foar!*-wiken yn de biblioteken. Lesbrief en boekje wurde ek nei alle skoallen tastjoerd. Studinten fan it mbû hawwe in Keimpe-placemat foar yn de hoareka betocht. IVN jout it Keimpe-boekje *Fûgelsop* fan Reina Greet Smeink-Kroodsmâ en in poster/placemat fergees oan de bern yn de nasjonale parken.

Tjitske einiget har presintaasje mei twa foto's fan bern dy't ûntspannen in Frysk boek lêze. Se fertelt dat de ekspertgroep fan minsken dy't wat mei Fryske berneboeken hawwe, de opdracht krigen hat om te ûndersykjen wat der barre moatte soe om it Fryske berneboek in boost te jaan. De ekspertgroep is dwaande om in advys te skriuwen foar it PLF, it platfoarm foar lêsbefoardering yn Fryslân.

Margriet Groustra-Ypeij, lêskonsulint/mediacoach/meiwurker ynformaasje & advys by dbieb giet fierder en praat elkenien by oer de aktiviteiten fan dbieb wat it Frysk berneboek oangiet. Se jout oan dat lêskonsulinten by it lanlik konsept 'De bibliotheek op school' ynset wurde sûnt in protte biblioteken fuortbesunige binne. It projekt rint no in jier as seis yn Fryslân. Der binne no sechtjin lêskonsulinten yn de gemeenten Ljouwert en Tysjerksteradiel en dy hawwe allegear in stik as seis skoallen ûnder har dêr't se hast alle wiken hinne geane om lessen lêsbefoardering of mediawiisheid te jaan.

De bibliotheek op skoalle (dbos) rint faak fia de gemeente. De skoallen dy't meidogge krije in abonnemint op 'De bibliotheek op school'. Oer it algemien kostet it sa'n 10 oant 12 euro de learling jiers. Dbos leveret dan in basiskolleksje boeken oan de skoalle, fiif boeken de learling, en dy kolleksje feroaret in pear kear jiers. De lêskonsulinten jouwe lêsbefoorderingslessen oan pjutten en âldere bern. Pjutten en beukers wurde foarlêzen. Dbos leveret temakolleksjes mei in doaze boeken foar seis oant acht wike dêr't skoallen mei oan 'e slach kinne. Der wurdt geregeld frege om in temakolleksje Frysk, om't dy skoallen net folle Fryske boeken stean ha. Dbos hat projekten lykas in kiste oer de Alvestêdetocht. Op de webside fan dbos stiet in hiel aanbod oan projekten foar skoallen. De mediacoaches jouwe mediawiisheidslessen yn 'e Wike fan de Mediawiisheid yn novimber yn groep 6 o/m 8. Dbos nimt de Monitor ôf by de learkrêften en bern út groep 5 om 8 en dêr komt út wat op skoalle en thús oan lêsbefoardering dien wurdt en wat de bern graach lêze wolle. Op basis fan de útkomsten fan de Monitor wurdt in aktiviteiteplan makke. De lêskonsulinten helpe de learlingen om 'lêzer' te wurden.

De meartalige skoallen krije standert Fryske boeken levere. Op skoallen yn Ljouwert sitte in protte nasjonaliteiten en dêr wurdt net folle mei Fryske boeken dien. Dy skoallen krije ien of twa kear jiers in temakiste mei Fryske boeken en dan dogge se dêr in wike wat mei. Troch de Fryske lêskonsulinten wurdt in protte oan promoasje en foarlêzen fan Fryske boeken yn ferskate groepen dien. De lêskonsulinten lêze ynteraktyf foar oan bern op bernedeiferbliuwen, pjutten, beukers en yn groep 3 en 4. Neffens de metoade fan Aidan Chambers geane se mei de bern yn petear oer it ferhaal. Der wurde aktiviteiten mei Fryske skriuwers organisearre op skoallen en yn biblioteken. Fan 'e wike hat Thys Wadman bygelyks in les jûn oer syn nije boek.

Ut in troch Margriet holden enkête oer wat bern fan Fryske en Nederlânske boeken fine blykt dat bern as earste nei it omkaft sjogge. In tip foar de skriuwer is om in modern en oansprekkend omkaft te meitsjen. Bern fan no hâlde oer it algemien net fan snoezige plaatsjes. Se libje yn in flugge wrâld en scanne de plaatsjes op it omkaft. En dat is goed om te witten!

[Klik hjir foar it hiele ferslach](#) (dêryn is ek wichtige praktyske ynformaasje foar skriuwers te finen) – en op de nammen foar de presintaasjes fan [Lida](#), [Tsjitske](#) en [Margriet](#)



Skriuwersmiel

Hast elkenien dy't der de sneones is, bliuwt ek iten. It miel wurdt as buffet oanbean, mei rom kar foar sawol de fleis- as grienteleafhabbers, mei ferwaarmjende stoofgerjochten en ferfrissende salades, en fansels mei ôfslutend hearlike gebakjes foar by de kofje. Nei in dei fol ynformaasje en yndrukken wurdt der drok neipraten en fantasearre oer hoe't it Bûn de takomst foar de Fryske skriuwerij fierder ferstevigje kin. Genôch om it bestjoer goed oan it wurk te hâlden de kommende jierren!

Bûnte jûn

Nei it miel tiid foar in eksperimint: Skriuwers fermeitsje elkoar op de saterdeitejûn. De spulregels binne ienfâldich: elkenien docht wat, 4 minuten de persoan is genôch. It mei gean om eigen wurk (mar wat fan in oar mei ek!), om in liet, in gedicht, in proazafragmint. Dit alles yn de yntime setting fan ús eigen lodge, mei in sêft baarnende iepen hurd op de eftergrûn. Ús gast Brian Mc Gilloway harke mei oandacht; hy ferstie it net altyd goed, mar mei wat útlis kin er it goed folgje. En wy hawwe ús tige fermakke mei ússels!

Lieuwe Toren en Lubbert Jan de Vries dienen de ôftraap mei in flitsend twatalich optreden mei spoken word en poëzij. Wat besielet de skriuwer en de dichter? Rekket sy of hy fertiid yn de eigen pretinsjes? Fansels gjin definityf andert, mar wol in tige ûnderhâldende blik yn de spiegel...

Wy ferplakje ús dan nei de keuken, dêr't **Baukje Miedema, Jetske Bilker en Maike Bouma** fierdergeane. Yn de jierren njoggentich skreau Baukje in toanielstik út feministysk perspektyf wei. De trije froulju lieten ús dêrmei yn 'e kunde komme. Hja liezen in flink fragmint foar, hienen har fansels goed ynlibbe yn har rollen. In dilemma fan alle tiden: mem en dochter mei kritysk kommentaar op elkoar...

Sjoukje Veenstra en Job Degenaar lêze in pear fan harren eigen gedichten foar, en Job krijt dernei ek de gitaar, foar in moai yntym spile en songen folknûmer. Nei dizze muzyk tiid foar proaza: **Martinus Jellema** lies in fragmint foar út it mearke 'Prinses Yayla' dat er skreau.

Ammerins Moss-de Boer droech twa, troch harsels yn it Frysk oersetten, gedichten foar fan Ierske skriuwers (William Butler Yeats en Evan Bolands), folge troch **Barbara de Ruiter**, dy a kapella in selsmakke liet song en ús yn stille fernuvering harkje liet.

Wilda Veltman droech in (yn itselde wykein) troch harsels makke gedicht foar: 'Assosjaasje', wernei **Lieme Lautenbach** in eigenmakke seary sketskes oer in autorit presintearre, iderkear mei alle oanwêzigen yn koar ôfsletten mei de gjalp: "Ja dat is uit het leven een greep!"

De optreden waarden ôfslúten troch **Willem Verf** dy't op de gitaar spile en "Brown Eyed Girl" song, in liet út de jierren sechtich fan de Noard-Ierske sjonger Van Morrison.

Dêrnei wie it noch lang smûk by de neisit!



Snein 16 oktober

"Ik mei net oer gedonder, mar ik kin der ek net sûnder."

In Lêzing oer it libben en wurk fan Trinus Riemersma



Op it Skriuwerswykein hat **Doeke Sijens** in lêzing hâlden oer Trinus Riemersma, nei oanlieding fan de biografy dêr't er oan wurket. De titel sil wurde *Der is neat om glêd te striken*, om oan te jaan dat it in kompleet en earlik boek wurde sil.

Doeke begûn syn lêzing mei wat dat oangeande inkele tûkelteamen op te neamen, lykas it feit dat Trinus syn omke wie. Syn lêzing folge de yndieling fan syn boek: jeugd (1938-1963), de meast foarinsteande/bekindste skriuwer fan Fryslân (1964-1970), de jierren fan de wittenskip (1971-1992), ferskinings fan De reade boarre en de boek dy't dêr op folgen oant syn ferstjerren ta (1992-2011). Der wie tuskentrich aardich wat diskúsje, benammen oer syn feardigheden as dosint en hokker fan syn boeken it bêste binne.

Underwilens is in foarpriuwke ferskynd fan de biografy mei as titel *In feilich nêst* (Wijdemeer).

[De presintaasje is hjir te besjen](#)

Boekemerke

Al de hiele moarn waarden de tafels yn de lodge folle mei stapels lêsboeken en dichtbondels. Wat in ferskaat!



En sa einiget it Skriuwerswykein fan it Skriuwersbûn, edysje 2022. De minsken sammelje harren guod - as wienen it iikhoarntsjes dy 't nûtsjes sammelje – en sette ôf nei harren eigen hûs en hiem. De holle fol mei ynformaasje en it liif sêd fan streksume brochjes, lunsjes, jûnsiten en net te ferjitten it wiet en de nûtsjes. De iikhoarntsje sitte wer op harren tûke, beide mei in boek ûnder de rjochterpoat. Kocht op 'e boekemerke. In stik wizer en sels in aai riker. Krigen fan - ien fan 'e alderaardigste - dielnimmers. 'Net om 't ien of oar, mar ik bin bliid dat ik hjir al wenje en net mear hoeft te reizgjen,' seit it iene iikhoarntsje. 'No sa,' seit it oare iikhoarntsje. 'Mar wy binne lykas de minsken moai fuort west!'

* Asto noch mear lêze wolst, dan kin dat. De folsleine ferslagen fan de ferskate ûnderdielen binne fia de linkjes hjirboppe werom te finen op de reachside – in folslein oersjoch is te finen op de Dokuminten-side fan it [Skriuwersbûn](#). Yn dy ferslagen steane ek de ferskate links fine nei websiden of regelingen. Ek fynstô dêr tips foar bygelyks publisearjen fan dyn wurk, diskusjes en noch folle mear. Slagget it net mei de linkjes of de reachside? Mail dan even nei it Bestjoer. Dan stjoere wy dat dy oer de mail of mei de post ta.

En wa wit oant it Skriuwerswykein 2023 – wy hâlde jim op de hichte!